

Te plak set troch in hûn

90 18/4 2001

In boek skreaun troch in hûn? Jelke Bos, hûn fan Dineke Bos en skriuwer Trinus Riemersma, prestearret dat. Hy hat it wurk *Tinzen oer it libben en oer de dea* skreaun. Mar dat sil it minskdom wol net oanwolle.

GERBRICH VAN DER MEER

Sa seit hûn Jelke op side 42 '[...] jim leauwe net dat ik dut boekje skreaun ha, jimme tinke dat omkoal (de namme dy't Jelke oan baas Trinus Riemersma jûn hat-gvdm) it dien hat, ek al stiet myn namme op omslach en titelblêd. Minsken binne sa ferblinde troch har ideologyske foarstellingen dat se de wierheid net iens sjugge as dy flak foar har noas leit.'

Oan 'e ein fan it boek skinkt Jelke it kopijrjocht oan syn baas

omkoal sadat dy der wat oan fertsjinje kin, as er it nei syn dea fynt. As tsjinprestaasje moat er der dan wol in moai boekje fan meitsje. En dat hat Trinus Riemersma braaf dien. Om no hûn Jelke Bos nei syn dea net op it sear te kommen, litte wy it mar sa: Jelke hat sels syn libben oereide.

Mar Jelke hat wol ferrekte goed de skriu- en redenearteunst fan syn baaske Trinus Riemersma ôfsjoen. Dat er oerdeis hast altyd by him yn syn wurkteamer siet, hat grif fertuten dien!

De oertinkings fan hûn Jelke Bos binne yn gong set troch in eksistensjeel barren yn syn libben: hy wie fjirtjin dagen dêrfoar hast yn de Skalsumerfeart fersûpt, mar syn baaske hie him krekt op 'e tiid rêde kinnen. Sûnt dat aaklige akkefytsje is er oan it prakkesearjen slein oer saken as de wearde fan syn libben en de essinsje fan it bestean en besiket er yn 'e ik-foarm syn fielingen de rûmte te jaan.

Essinsje

De earste fraach dêr't Jelke hiel-

tyd mei ompankoekt, is de fraach oft it ek better west hie as omkoal him wol fersûpe litte hie en oft de hast-dea-ûnderfining syn libben ek ferrike hat.

Geandewei syn 'tink'tocht nei de essinsje fan it bestean fergeliket er it hûnebestean hieltyd mear mei it minskebestean (mei as foarbyld omkoal) en komt er der efter dat de minske de planke misslacht: De minske nimt de werklikheid mei in heal of mar mei in fearns each waar en freget dan: en wat is der noch mear? En dat 'mear', dat der net is, dêr fergriemt er syn tiid, syn hope, syn leauwe oan. En syn leafde fertart, want hope en leauwe jilde it ûnwêzentlike, mar de leafde giet út nei dat wat is. As it besteande ferûnachtsume wurdt, moat de leafde ferkomme.' (s.47) De minske kriget it der aardich foar lâns as Jelke de minske in ûntspoaring fan de evolusje neamt, in soart dy't him op de bysaken rjochtet ynstee fan op de sin fan it libben en it 'nearne oan ta komme' ta deugd ferheft. Ynstee harren te ferwûnderjen oer it libben dat yn syn feroarlikheid be-

stiet, dat is, rjochtsje se harren op in wrâld dy't net bestiet, dy't net is; in wrâld mei plestiken minsken dy't as etalaazjepoppen altyd gelyk bliuwe en net ferâlderje. Wylst de minske yn namme it libben neiaget, wol de minske yn de praktyk net it libben, mar de dea (s.62). En dêrmei stiet de wrâld op syn kop.

Omkoal

Yn it wurk *Tinzen oer it libben en oer de dea* liket der faker sprake te wêzen fan in omkearde wrâld. De hûn is safier ferminsklike dat er in efternamme draacht en praet fia it papier. Omkoal, syn baas, draacht dy namme (dy't mei in lytse letter begjint) om't hûn Jelke him dy tachtichte hat op grûn fan syn eigenaardichheden. De namme omkoal seit fansels ek wat oer de hiele minskheid as slachtoffer fan syn drang om alles nei syn hân te setten en dêrmei hieltyd fierder fan it wie-re libben ôffierd te wurden. Jelke komt derefter dat de sin fan it libben net socht wurde kin, om't it yndividu dêr sels de skepper fan is.

Trochdat it wurk hiel ferrassend út it perspektyf fan in hûn weiskreaun is, hat de auteur de romte krigen om op skynber ûnskuldige wize wichtige saken oer libben en dea oan te snijen en yn te gean op de sin en únsin fan it libben en de breklikheid fan it bestean. Yn de rin fan it boek wurdt wol hieltyd dúdliker dat Jelke wat yntelliginsje oanbelanget in hiel bysûndere hûn is. Benammen yn de lêste haadstikken kin er him wol hiel bêst ferpleatse yn de minske.

Neutralisearje

Oan 'e ein fan it boek komt Jelke werom op syn fraach oft it no ek better west hie as omkoal him fersûpe litte hie en lit myld syn ljocht nochris op de eutanasykwestje skine. Syn tinktocht hat wol wat fertuten dien en hy is oan de ein fan syn betooch ek wol in stik fierder kommen. Jelke Bos soe lykwols gjin hûn fan Trinus Riemersma wêze as er oan 'e ein fan it ferhaal syn fyzje net neutralisearje soe op it stuit dat er erkent dat er as bist de wrâld ek mar út de beheindens fan syn eachweid sjocht.

Tinzen oer it libben en oer de dea, Jelke Bos. Koperative Utjouwerij, Boalsert, 2001. 80 siden, 19,50 gûne.



'Op 'e kemping libbe ik sa yntins' (seit hûn Jelke oer de fakânsje mei omkoal yn Cancale yn Frankryk).

Foto: yllustraasje út besprutsen boek